

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus

Antifoan Te priizgjen is de hillige Trijefâldichheid
en de ûndielbere Ienheid:
wy loovje har, om't hja ús barmhertich-
heid bewiisd hat.
(neffens Tobit 12:7)

Psalm HEARE, ús Hear,
hoe geweldich is jo namme oer de hiele
ierde.
Jo, dy't jo heechheid jûn hawwe oan 'e
himel.
As ik jo himel beskôgje,
it wurk fan jo fingers,
de moanne en de stjerren,
dy't Jo dêr plak jûn hawwe.
Wat is dan in minske, dat Jo om him tinke,
en in minskebern, dat Jo him achtslane?
(Psalm 8:2,4-5)

of: (berime) Ps. 8:1,6

Gebed fan 'e snein (Collecta)

Ivige, Trije-iene, God, ús Hear,
Jo dy't ús skepen, ferlost en hillige hawwe,
wy bidde Jo:
ferljochtsje ús eagen,
dat wy jo heimenissen oanskôgje,
jo hearlikheid oanbidde
en boargers wurde meie fan jo himelsk keninkryk,
dêr't wy Jo mei nije tongen
loovje en priizgje sille.
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten Jesaja 6:1-8 [9-13]
Graduale Ps. 13:1,8,9
Epistel Romeinen 11:33-36
Halleluja Halleluja. Loovje God om syn machtige
dieden, loovje Him, machtich en grut dat
Er is. Halleluja.

Evangeelje Johannes 3:1-15
Liet fan 'e snein: Ges. 253: O sillich ljocht, Trij-ienichheid

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)

Ivige God,
it Wurd fan 'e wierheid
en de Geast dy't hillich makket,
hawwe Jo de wrâld ynstjoerd.
Sa hawwe Jo ús te witten dien
jo grut geheim, Josels, o God.
Lit wat wy sizze en dogge
droegen en dreaun wurde
troch de lof en de oanbidding
fan Jo, de trije-iene God,
dy't heech te priizgjen is oant yn ivichheid.

jier A

Gebed fan 'e snein

Barmhertige God,
grut yn goedens en trou,
Jo jouwe ús langst yn it hert nei Jo
en Jo roppe ús
om jo Namme út te sprekken en te besjongen;
wy freegje Jo:
lit jo Wurd
wjerklank fine yn ús hert,
dat wy ús thúsfiere by Jo,
ûnbegryplik geheim
en hertferwaarmjende boarne fan ús bestean,
troch Jezus, jo Soan,
dy't ien is mei jo hillige Geast,
hjoed en oant yn ivichheid.
Amen.

Tora Exodus 34:4-9
Antwurdpsalm Psalm 150
Evangeelje Mattéus 28:16-20

Eingebed

Hillige en ienige God,
lit jo Namme
ús krêft en ús behâld wêze
by alles wat wy dogge
en ûnderfine oan lijen en pine,
freugde en hope;
stean net ta dat wy fan Jo ferfrjemdzje
en lit de leafde yn ús net útdwêste
dat de ierde goed wurde kin
en wy geane yn de fuotprinten fan jo Soan,
Jezus Kristus,
dizze dei en oan 'e ein fan ús dagen ta.
Amen.

jier B

Gebed fan 'e snein

Ivige en libbene God,
Jo wolle wenje by de minsken
en Jo hawwe jo Namme bekend makke
oan Mozes, jo feint;
Jo roppe ús ta in ferbûn mei Jo
yn it betrouber Wurd
fan Jezus Messias, jo tsjinner;
wy bidde Jo:
lit ús yn Him leauwe
en jou ús syn libbenskrêft,
jo hillige Geast,
dy't ús yn leafde byinoar hâlde sil,
hjoed en alle dagen fan ús libben.
Amen.

Tora	Exodus 3:1-6
Antwurdpsalm	Psalm 93
Evangeelje	Johannes 3:1-16

Eingebed

Jo, dy't ljocht binne yn ús tsjuster,
wy tankje Jo
dat Jo ús opsocht hawwe yn Him
dy't Himsels oerjûn hat foar ús lok,

Jezus, jo Soan;
lit syn Geast ús yn libben hâlde
om yn leafde jo ierde te bewenjen;
lit ús op 'e nij berne wurde
as minsken neffens jo byld,
dat wy net ferlern geane,
mar ivich libben hawwe meie,
dizze dei en oan 'e ein fan ús dagen ta.
Amen.

jier C

Gebed fan 'e snein

Ivige God, hoe hearlik is jo Namme!
Jo, dy't yn Jezus, ús broer
jo genede en jo trou bekend makke hawwe,
sprek jo Wurd fan befrijing
en meitsje ús fol fan jo hillige Geast.
Lit ús ûnderfine Wa't Jo aloan foar ús binne:
boarne fan krêft en libben,
dizze dei en oan 'e ein fan ús dagen ta.
Amen.

Skriften	Spreuken 8:22-31
Antwurdpsalm	Psalm 29
Evangeelje	Johannes 3:1-16

Eingebed

Wa binne wy, God
dat Jo ús de eagen en it hert
iepenje wolle foar jo bywêzigens?
Wy tankje Jo foar Jezus, de nije Adam,
Dy't ta ús sprekt yn jo namme
en wy freegje Jo:
lit ús diele yn syn Geast
om te libjen út jo bywêzigens;
meitsje fan ús nije minsken
dy't werberne wurde yn Jo,
hjoed en oant yn ivichheid.
Amen.

... nei Trinitatis

grien

ELT: -; AKT: nei Pinkster 2; RKT 7e troch it jier hinne

Yn it Luthersk Lêsroaster kinne yn it tiidrek oant de simmer ien of mear fan de sneinen I – IV nei Trinitatis folgje; fan de earste snein fan 'e simmer ôf komme altyd de sneinen V nei Trinitatis en de folgjende oan 'e oarder. Ut de liturgyske kalinder (s. 1251-1260) kin ôflaat wurde hokfoar sneinen nei Trinitatis fan it Mienskiplik Lêsroaster yn de ûnderskate jierren yn it tiidrek oan de simmer ta oan 'e oarder komme; slaan dêrby acht op de telling fan de sneinen 'troch it jier hinne'. Sjoch ek de jiertallen boppe de gegevens fan dizze sneinen.

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Liturgyske gegevens ûntbrekke hjir. Sjoch side 394.

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

Dizze snein komt oant en mei it jier 2037 net foar.

Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)

Jo binne de krêft fan ús libben,
dêrom freegje wy Jo:
lit ús aloan besykje te dwaan
wat strykt mei jo heil en jo wil;
jou, dat dat ús tinken is,
net allinne yn wurden,
mar benammen yn dieden.

jier A

Gebed fan 'e snein

Hillige God,
lear ús de wei te finen
dy't nei it libben fiert.
Iepenje ús hert foar jo Wurd
en set ús op it spoar fan Jezus
jo betroubere Tsjûge,
dy't ús foargiet nei Jo,
dizze oere en alle dagen fan ús libben.
Amen.

Tora	Exodus 22:21-27
Antwurdpsalm	Psalm 71:17-24
Evangeelje	Mattéus 5:33-48

Eingebed

Rjochtfeardige God,
 wy tankje Jo
 dat Jo ús geande hâlde wolle
 troch it Wurd en de Geast
 fan Jezus, jo Soan;
 lit ús yn wiisheid tanimme
 om minsken te wurden nei jo hert,
 hjoed en alle dagen fan ús libben.
Amen.

jier B

Gebed fan 'e snein

Freonlik Ljocht,
 lied ús ta jo Soan
 en lit syn Wurd
 ús frijmeitsje fan sûnden
 en ús bringe
 yn de frijheid fan jo bern,
 dizze oere en alle dagen fan ús libben.
Amen.

Profeten	Jesaja 43:18-25
Antwurdpsalm	Psalm 25:11-22 [41]
Evangeelje	Markus 2:1-12

Eingebed

Jo, dy't minsken oerein helpe,
 wy tankje Jo
 om't Jo ús yn Jezus, jo Soan,
 sjen litten hawwe dat Jo noed foar ús steane;
 wy freegje Jo:
 lit alle wrâld
 de hieljende krêft
 fan syn Geast ûnderfine,
 hjoed en alle dagen fan ús libben.
Amen.

jier C

Gebed fan 'e snein

Wês yn ús fermidden, God,
sprek jo Wurd
en lit ús thúsreitsje
yn it geheim fan it libben
dat ús ferskynt yn Jezus
de Soan fan jo wolbehagen,
de nije minske dy't ús hope jout,
dizze oere en al ús dagen.

Amen.

Tora	Genesis 45:3-11,15
Antwurdpsalm	Psalm 37:1-11
Evangeelje	Lukas 6:27-38

Eingebed

Jo, dy't ús sykhelje litte,
jou ús de moed
om inoar de romte jaan,
dat wy it libben mooglik meitsje
foar bange en iensume minsken;
dan sil it goed wêze
om mei-inoar op ierde te wenjen
ûnder it beskûl fan jo himel,
hjoed en al ús dagen.

Amen.

... snein nei Trinitatis

grien

Earste nei Trinitatis yn 2008, 2035

ELT: I nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 3; RKT: 8e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus

Antifoon Mar ik, ik lit it op jo geunst oankomme,
myn hert mei jubelje,
om't Jo my holpen hawwe. (Psalm 13:6a)

Psalm Hoelang, HEARE,
sille Jo my al mar wer ferjitte,
hoelang Jo fan my ôfkeare?
Sjoch skerp ta en harkje nei my,
HEARE, myn God!
Jou ljocht oan myn eagen,
dat ik net yn 'e deasliep sink,
dat myn fijân net sizze kin:
'Ik bin him oermânsk wurden',
dat myn tsjinstanners net opsprekke
as ik ûnder fuotten reitsje.
Mar ik, ik lit it op jo geunst oankomme,
myn hert mei jubelje,
om't Jo my holpen hawwe.
Ik wol foar de HEARE sjonge,
om't Er my goeddien hat. (Psalm 13:2,4-6)

of: (berime) Ps. 13

Gebed fan 'e snein (Collecta)

Heare, God, Jo dy't de sterkte binne
fan allegearre dy't op Jo hoopje,
wy bidde Jo: hear ús bidden
en om't wy sûnder Jo,
yn ús minsklike swakkens,
neat kinne,
jou ús de stipe fan jo genede,
dat wy, mei it ûnderhâlden fan jo geboaden,
yn ús wollen en wurkjen
minsk binne sa't Jo it ha wolle.
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten	Jesaja 5:8-16
Graduale	Ps. 41:1,3,5
Epistel	1 Johannes 4:[8] 16b-21
Halleluja	Halleluja. Alle keningen op ierde sille Jo loovje, HEARE, as hja de wurden fan jo mûle hearre. Halleluja.
Evangeelje	Lukas 16:19-31
Liet fan 'e snein	Ges. 241: Wy bidde Jo, o hillige Geast

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)

O God, lit it berin fan 'e wrâld
barre neffens jo heilsplan.
Dat der frede komt op ierde,
en de minsken inoar rjocht dogge
en dat wy ús allegearre mei-inoar
yn frijheid en freugde
wije kinne oan jo tsjinst.

jier A

Gebed fan 'e snein

Jo, dy't nei minsken omsjogge,
lit jo Wurd
ús it betrouwen jaan
dat Jo ús hoedzje en noedzje
en lear ús Jo te tsjinjen
yn frijheid en leafde,
dizze oere en al ús dagen.
Amen.

Profeten	Jesaja 49:13-18
Antwurdpsalm	Psalm 62 [132]
Evangeelje	Mattéus 6:24-34

Eingebed

Jo, dy't mei minsken begien binne,
jou ús de frijheid
fan 'e fûgels yn 'e loft
en de ûntfanklikens

fan 'e blommen op it fjild,
om 'e wille fan Jezus, jo Soan,
waans Wurd ús thúsbringt by Jo,
hjoed en alle dagen fan ús libben.
Amen.

jier B

Gebed fan 'e snein

Jo, barmhertige God,
dy't fan it oanbegjin ôf
in ferbûn mei ús slute wolle,
iepenje ús hert
foar it Wurd fan jo leafde;
jou ús de geastkrêft
fan Jezus, jo Soan,
troch Wa't wy Jo kennen leare
en meitsje fan ús nije minsken,
dizze oere en al ús dagen.
Amen

Profeten	Hosea 2:15-22
Antwurdpsalm	Psalm 103:1-7
Evangeelje	Markus 2:13-22

Eingebed

Jo, dy't fan minsken hâlde,
ferhear ús roppen
en jou de wrâld hope;
lit de Geast fan Jezus, jo Soan,
minsken en folken
oaninoar bine
yn leafde en gerjochtichheid,
hjoed en al ús dagen.
Amen.

jier C

Gebed fan 'e snein

God fan it libben,
meitsje jo wurden
fruchtber yn ús fermidden,
dat wy minsken wurde
lykas Jezus, jo Soan,
dy't ús de leafde kennen leart
dy't nea fergiet;
dizze oere en alle dagen fan ús libben.
Amen.

Profeten	Jeremia 7:1-15
Antwurdpsalm	Psalm 92
Evangeelje	Lukas 6:39-49

Eingebed

Boarne fan libben,
laavje ús aloan
mei it wetter fan jo Wurd,
dat wy as de beammen
iepentearre,
skûle en skaad jouwe
en fruchten drage
fan gerjochtichheid en frede;
hjoed en al ús libbensdagen.
Amen.

... snein nei Trinitatis

grien

Earste nei Trinitatis yn 2005, 2013, 2016, 2018, 2024, 2027, 2029, 2032

ELT: II nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 4; RKT: 9e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus

Antifoon

De HEARE waard myn stipe.

Hy late my frij yn 'e romte,

Hy rêde my, om't Er my tagedien wie.

(Psalm 18:19b,20)

Psalm

Ik haw Jo ynlik leaf, HEARE, myn sterkte,

HEARE, myn rots, myn stins, myn rêder,

myn God, myn rots dêr't ik my bergje,

myn skyld, myn sterke befrijer,

myn hege stins.

Doe't it my oanfleach, rôp ik oan de

HEARE,

oan myn God skreaude ik om help.

Ut syn timpel wei hearde Er myn stim

en myn roppen berikte syn earen.

(Psalm 18:2,3,7)

of: (berime)

Ps. 18:1,2,5

Gebed fan 'e snein (Collecta)

God, boppe alle machten,

wy bidde Jo:

jou jo Geast en godlike wysheid

oan jo gemeente,

dat jo Wurd ûnder ús

mei alle freugde brocht,

syn útwurking net mist,

en wy dêrtroch stipe wurde

en troch alle oanfjochting hinne

yn in stânfêst leauwe Jo tsjinje,

en sa de belidenis fan jo Namme

oan 'e ein ta trou bliuwe.

Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Ezechiël 14:4-11

Graduale

Ps. 120

Epistel

1 Johannes 3:13-18

Halleluja Halleluja. Ik haw Jo ynlik leaf, HEARE,
 myn sterkte, HEARE, myn rots, myn stins,
 myn rêder. Halleluja.
Evangeelje Lukas 14:16-24
Liet fan 'e snein Ges. 33: O jim allegearre mei toarstige
 tongen

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)

Jo eagen fol leafde, God,
sjogge alles wat wy brek binne.
Dêrom freegje wy Jo
yn fol betrouwen:
brek yn ús ôf
wat Jo yn 'e wei stiet
en ris ús ta
mei alles wat ús helpt
om te dwaan dêr't wy ta roppen binne.

jier A

Gebed fan 'e snein

Jo, dy't minsken rjocht dogge,
lit ús kieze foar it libben
as jo Wurd wjerklinkt
en bring ús
op it spoar fan jo frede
oan 'e hân fan Jezus
dy't as Mozes
ús bringe sil nei jo lân,
dizze oere en al ús libbensdagen.
Amen.

Tora Deuteronomium 11:18-28
Antwurdpsalm Psalm 31:20-25
Evangeelje Mattéus 7:15-27

Eingebed

Jo, dy't ús leard hawwe
om jo Namme út te sprekken;
lit ús jo wurden folbringe
en meitsje fan ús minsken
dy't befrijing bringe,
dat allegearre it libben fine meie;
hjoed en al ús dagen.

Amen.

jier B

Gebed fan 'e snein

Jo, dy't foar minsken
gjûn frjemdling bliuwe wolle,
lit jo Wurd wjerklinke
yn ús fermidden,
dat wy minsken wurde
dy't jo Namme yn oantinken hâlde
en jo ierde yn leafde
tsjinje en bewarje,
dizze dei en alle dagen.

Amen.

Tora	Deuteronomium 26:5-11
Antwurdpsalm	Psalm 81
Evangeelje	Markus 2:23 - 3:6

Eingebed

Trouwe God,
printsje jo Namme ús yn it hert
en meitsje fan ús minsken
dy't inoar tsjinje
yn leafde, ferjouwing en fermoedsoening;
lit alle folken
yn frede mei-inoar bestean
en meitsje jo ierde bewenber;
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.

Amen.

jier C

Gebed fan 'e snein

Jo, dy't nei minsken harkje,
wês yn ús fermidden,
as wy jo Namme oanroppe
en jou ús yn jo Wurd
de libbenswysheid:
Jezus, de nije Minske,
dy't ús jo wegen wiist,
dizze oere en al ús dagen.
Amen.

Profeten	1 Keningen 8:22,37-43
Antwurdpsalm	Psalm 96
Evangeelje	Lukas 7:1-10

Eingebed

God fan alle libben,
wy tankje Jo
foar de hieljende hân
dy't Jo ús tastutsen hawwe
yn Jezus, ús broer;
lit syn geast ús besielje
om inoar oerein te helpen
en as susters en bruorren te libjen;
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.
Amen.

... snein nei Trinitatis

grien

Earste nei Trinitatis yn 2007, 2010, 2012, 2015, 2021, 2023, 2026, 2034, 2037

ELT: III nei trinitatis; AKT: nei Pinkster 5; RKT: 10e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus

Antifoan

Kear Jo nei my ta en wês my genedich,
want ik bin iensum en ellindich.
Sjoch nei myn ellinde en muoite
en ferjou al myn sûnden.

(Psalm 25:16,18)

Psalm

Goed en rjochtút is de HEARE;
dêrom leart Er de sûnders de wei.
Dimmenen bewent Er yn it rjocht
en Hy leart har syn wei.
Alle paden fan 'e HEARE binne geunst en
trou
foar dy't har oan syn bûn en ynsettings
hâlde.
Om jo namme, HEARE,
ferjou myn skuld, want dy is grut.

(Psalm 25:8-11)

of: (berime)

Ps. 25:4,5,10

Gebed fan 'e snein (Collecta)

O God, dy't hoeder en noeder binne
fan allegearre dy't op Jo hoopje,
lit jo barmhertigens, sa bidde wy Jo,
oer ús tanimme,
dat wy yn noed oer tydlike saken
de ivige dingen net út it each ferlieze.
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jesaja 30:15-18 [21]

Graduale

Ps. 55:1,2,3,4,5

Epistel

1 Petrus 5:5b-11

Halleluja

Halleluja. De himel ferhellet Gods gloarje,
fan wat syn hannen makken fertelt it fer-
wulft. Halleluja.

Evangeelje

Lukas 15:1-10

Liet fan 'e snein

Ges. 36: Ik sil, sa seit de Heare

Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)

Al it goede komt fan Jo, God.
Dêrom freegje wy Jo:
jou dat wy ynsjogge
wat ús te dwaan stiet
en help ús om te dwaan
wat wy ynsjoen hawwe.

jier A

Gebed fan 'e snein

Jo, hillige en hege God,
Jo meitsje jo barmhertigens
in teken fan jo oanwêzichheid:
iepenje ús hert foar jo befrijend Wurd,
sa't Jo dat sprutsen hawwe
yn Jezus, de nije Adam,
dy't jo myldens is yn eigen persoan,
de minske nei jo hert,
dizze oere en alle dagen fan ús libben.
Amen.

Profeten	Jesaja 57:14-19 [21]
Antwurdpsalm	Psalm 33:1-12 [50:7-15]
Evangeelje	Mattéus 9:9-13

Eingebied

Jo, dy't ús yn it libben hâlde:
wy tankje Jo foar it goede Wurd
dat ta ús komt yn Jezus,
jo barmhertige tsjinstfeint
dy't kommen is om te rêden
wat ferlern gean soe;
jou dat wy inoar
inkeld barmhertichheid skuldich bliuwe
om fan de ierde in thús te meitsjen
dêr't wy jo bern binne,
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.
Amen.

jier B

Gebed fan 'e snein

Jo, dy't minsken opsykje
en byinoar bringe wat ferdiel is:
bekear ús ta Jo,
sprek jo Wurd
en lit ús alle kwea oerwinne
troch trouwe en fêsthâldende leafde,
dizze oere en alle dagen fan ús libben.
Amen.

Profeten	Rjochters 12:1-6
Antwurdpsalm	Psalm 130
Evangeelje	Markus 3:20-35

Eingebed

Jo, dy't foar minsken in wenning klearmeitsje,
jou ús jo hillige Geast
dat alle kweade machten
betwongen wurde,
alle falske goaden ûntmaskere
en wy as susters en bruorren
út binne op inoars lok,
yn de fuotprinten fan Him
dy't Himsels foar ús jûn hat:
Jezus Messias, ús Hear,
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.
Amen.

jier C

Gebed fan 'e snein

Jo, dy't libben en dea
yn hannen hâlde,
bring ús ta libben
yn Him dy't jo Wurd is,
jo stim en oanwêzichheid ûnder ús:
Jezus, ús broer,
hope foar alle minsken
dy't libje ûnder de sinne,
dizze oere en alle dagen fan ús libben.
Amen.

Profeten 1 Keningen 17:17-24
Antwurdpsalm Psalm 30
Evangeelje Lukas 7:11-17

Eingebed

Boarne fan alle libben,
Jo wolle gjin minske op ierde
ferlern gean litte,
mar Jo jouwe ús
in blide takomst
yn Jezus, jo Soan.
Jou dat wy syn befrijende Namme
bekend meitsje oan alle minsken
om mei-inoar it libben te genietsjen,
hjoed en al ús dagen.
Amen.

... snein nei Trinitatis

grien

Earste nei Trinitatis yn 2006, 2009, 2017, 2020, 2028, 2031, 2036

ELT: IV nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 6; RKT:11e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

Introitus

Antifoon

De HEARE is myn ljocht en myn heil,
fan wa soe ik bang wêze?
De HEARE is de stins fan myn libben,
fan wa soe ik ferheard wêze?
Doe't kweaminsken my tenei kamen
wienen hja it sels dy't stroffelen en foelen.
(Psalm 27:1-2)

Psalm

Al soe ek in leger my belegerje,
myn hert soe net bang wêze.
Al kaam in slachtrige tsjin my op,
dan noch soe ik my wis fiele.
Ien ding haw ik de HEARE om frege
en it bliuwt myn ynlik ferlangst:
dat ik al myn libbensdagen
ferkeare mei yn it hûs fan de HEARE,
om de myldens fan de HEARE te sjen
en myn moarnsgebed yn syn timpel te
dwaan.
Want Hy hâldt my beskûl yn syn hutte
op 'e kweade dei.

(Psalm 27:3-5a)

of: (berime)

Ps. 27:1,2,3

Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, yn alle ivichheid, God,
dy't troch jo Geast de hiele tsjerke hilliget en
bestjoert,
ferhear ús, sa bidde wy,
en jou dat wy troch jo genede
Jo tsjinje yn suver leauwe,
yn hilligens en gerjochtichheid.
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jeremia 17:5-26 [Jesaja 50:4-9]

Graduale

Ps. 43:1,5 [27:6,7]

Epistel	Romeinen 8:18-23
Halleluja sil	Halleluja. Wachtsje op God, want ienris ik Him dochs wer loovje, myn eigen Ferlosser en myn God. Halleluja.
Evangeelje	Lukas 6:36-42
Liet fan 'e snein	Ges. 477: Jo, dy't allinne

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

Gebed fan 'e snein (A-B-C)

Jo dy't ús yn hope libje litte,
Jo witte dat wy swak binne sûnder Jo.
Harkje nei ús suchtsjen,
meitsje ús sterk troch jo neibyens.
Dan allinne binne wy by machte
om yn wurd en died te dwaan
sa't Jo it bedoeld hawwe.

jier A

Gebed fan 'e snein

Jo, ienige en hillige God fan Israel,
dy't minsken befrije
en alles wat op ierde is
hoedzje en noedzje wolle
oan 'e ein ta,
meitsje jo Namme ûnder ús bekend
troch jo Wurd fol belofte
en meitsje fan ús jo folk,
dat tsjûget fan jo leafde foar de minsken,
yn 'e fuotprinten fan Jezus, jo Soan,
dizze oere en alle dagen fan ús libben.
Amen.

Profeten	Jesaja 12:1-6
Antwurdpsalm	Psalm 100
Evangeelje	Mattéus 9:35 - 10:15

Eingebed

Jo, dy't om ús begien binne,
meitsje fan ús minsken
dy't fan Jo tsjûgje
en lit alles wat wy dogge
minsken befrije
en ta mienskip bringe,
om 'e wille fan Him dy't foar ús lit hat
en ús foargien is nei jo frijheid:
Jezus Kristus, ús Hear,
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.
Amen.

jier B

Gebed fan 'e snein

Jo, ivige God,
dy't op ierde jo Wurd siedzje
en it fruchtdrage litte op syn tiid,
meitsje ús ree
om jo libbenskrêft te ûntfangen,
as wy harkje nei jo Soan
troch Wa't Josels ta ús sprekke,
dizze oere en alle dagen fan ús libben.
Amen.

Profeten	Ezechiël 17:22-24
Antwurdpsalm	Psalm 92
Evangeelje	Markus 4:26-34

Eingebed

Jo, dy't oer ús weitsje
en alle minsken byinoar bringe wolle
yn jo keninkryk fan gerjochtichheid:
lit jo Soan ús leare
hoe't Jo mei minsken omgeane
en jou ús geduld en fertrouwen
dat Jo alles goed meitsje,
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.
Amen.

jier C

Gebed fan 'e snein

Barmhertige God, Jo dy't wy leafhawwe,
lit jo wurden ús reemeitsje
om ús nei Jo ta te kearen
en lit Jezus, jo Soan,
ús bringe op wegen
fan wierheid en leafde,
dat wy Jo fine,
dizze oere en al ús dagen.

Amen.

Skriften	Heechliet 4:16 - 5:8
Antwurdpsalm	Psalm 100 [32]
Evangeelje	Lukas 7:36 - 8:3

Eingebed

Jo, dy't it kwea ferjouwe:
lit ús libje yn de leafde
dy't withoefolle sûnden bedekt.
Rjochtsje ús eagen en ús hert
op it goede dat wy dwaan kinne,
en lis sa jo frede oer ús,
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.

Amen.